

# Ierde

leafste, myn leafste, kom mei  
lit ús dûnsje hjir fier fan de wei  
lit ús gean nei in plak dêr't gjin mins ús fynt  
en lit ús sjonge  
lit ús sjonge  
lit ús sjonge it bêste lân fan ierde

de ierde is in boartersbal  
mar wa mei der mei boarstje  
jou him net oan de mins:  
dy stekt him lek

de ierde is in siedbal  
fol fan't nije libben  
as wy noch efkes spuitsje  
dan is er leech

de ierde is in oaljebal  
mar oalje dat wol baarne  
en de SHELL sit noflik  
by it fjoer

de ierde is in toverbal  
earst wie der grien, no griis  
as wy noch efkes sobje  
dan is er op

leafste, myn leafste, kom mei  
lit ús dûnsje hjir fier fan de wei  
lit ús gean nei in plak dêr't gjin mins ús fynt  
en lit ús sjonge  
lit ús sjonge  
lit ús sjonge it bêste lân fan ierde  
lit ús sjonge  
lit ús  
lit